

Kritefreonen,

Graach nûgje wy jimme út foar in prachtich muzikaal optreden
op snein **19 april 2026** om *(tink derom!)* **14.00 oere**
yn de Trochreed te Readtsjerk mei

Gurbe Douwstra en Jan de Vries



Foar Gurbe Douwstra is eins gjin yntroduksje nedich, hy is de bekende singer-songwriter.
Yn syn muzikale karriêre hat er al hiel wat lietsjes op syn namme stean.
Gurbe Douwstra en Jan de Vries komme mei har nije programma **Ald en (heal)wiis**.
In programma mei nije lietsjes, ferhalen, smeuiige anekdoates, mar ek mei bekend repertoire.

Tagong: € 20,- p.p. ynkl. kofje/tee, wat lekkers en in hapke!
(Ek net-leden binne wolkom! Wol efkes opjaan.)

Wy ferwachtsje in grutte opkomst, dêrom: op 'e tiid opjaan, fol is fol!
Dat kin o/m tongersdei **16 april** by:

Hedwig de Roos (06 543 109 15) of Jetske Anema (06 255 716 69)
In mail stjoere mei fansels ek: krite.trynwalden@gmail.com

Snein 22 maart 2026

Miranda Burgsma oer Adopsje

Op snein 22 maart 2026 hat Miranda yn har libbensferhaal ferteld oer har adopsje.

Se is as lytse poppe nei Nederlân kommen út Súd-Korea wei.

Yn de jierren dat se opgroeide, wist se fan har adopsje, mar fielde se har net oars as leeftydsgenoaten. De omjouwing, dy't doe't se jong wie, faak opmurk dat se der oars útseach, bepaalde foar har dat se oars wie. Oan hjoeddedei ta hat Miranda te krijen mei opmerkings oer har uterlik, of prate de lju nep-sineesk tsjin har op strjitte.

Yn har stúdzjetiid krige se berjocht fan har Koreaanske famylje, dat dy op syk wie nei har.

De papierren dêr't yn stie dat se te fûnling lein wie, doogden net – wêtroch't bliken die dat der sprake wie fan dokumintferfalsking om de adopsje hurder ferrinne te litten.

Miranda hat sûnt har stúdzjetiid altiten noch kontakt mei har Koreaanske famylje en hat dêr ek ferskate kearen hinne west mei har gesin.

Se hat har foarsteld as Koreaanske Fries, om't se yn genen Koreaansk is en opgroeid is mei de Fryske kultuer. Se hat har ferhaal dan ek ferteld mei Fryske sokken oan.